

# TRYATER

**Jierferslach**



# YNHÂLDSOPJEFTE

## INHOUDSOPGAVE

<b>Ynliding</b>	<b>5</b>
Inleiding	
<b>Produksjes</b>	<b>8</b>
Producties	
<b>Edukative aktiviteiten</b>	<b>30</b>
Educatieve aktiviteiten	
<b>Oare aktiviteiten</b>	<b>33</b>
Andere aktiviteiten	
<b>Sifers</b>	<b>43</b>
Cijfers	
<b>Kolofon</b>	<b>44</b>
Colofon	

16  
+



26,  
27, 28  
СЕНТЯБРЯ  
20.00

# ПЛАТФОРМА



С ПИ ПОДДЕРЖКЕ  
МИНИСТЕРСТВА КУЛЬТУРЫ  
РОССИЙСКОЙ ФЕДЕРАЦИИ



СПЕКТАКЛЬ ИДЁТ НА ФРИЗСКОМ ЯЗЫКЕ С РУССКИМИ СУБТИТРАМИ

# ПРО ГОРОД И ПРО ЖИЗНЬ

ТЕАТРАЛЬНАЯ  
КОМПАНИЯ  
«ТРИАТЕР»  
(НИДЕРЛАНДЫ)

FONDS **Россия**  
PODIUM **Голландия**  
KUNSTEN **Nederland**  
PERFORMING **Rusland**  
ARTS FUND NL **2013**

БИЛЕТЫ: НА WEB-LET.RU И В КАССАХ ЦЕНТРА ВИНЗАВОД ТЕЛЕФОН: 8 (495) 917 9111 АДРЕС: 4-й ОБОРОТНИЧЕСКИЙ ПЕР. Д. 1, СТУДИО



gazeta.ru



Village

WEEKEND



PLATFORMAPROJECT.RU

WWW.7TH-STUDIO.RU

WWW.WINZAVOD.RU

# YNLIEDING

## INLEIDING

TEKST IRA JUDKOVSKAJA / SIART SMIT

Foar it rinnende beliedsplan hat Tryater fjouwer haad-doelstellingen formulearre:

- Tryater ûntwikkelet en spilet teater foar sawol jeugd, jongeren as folwoeksenen.
- Tryater nimt ferantwurdlikheid foar in ynspirearjend kultureel klimaat yn de regio.
- Tryater set him yn foar talintûntwikkeling.
- Tryater fiert in aktyf edukaasje belied.

Dizze haaddoelstellingen binne werom te finen yn de karren fan de programmearring fan Tryater yn it jier 2013.

Ynhâldlik lit Tryater him ynspirearje troch in útspraak fan Goethe. Hy skreau ris dat in minske twa dingen nedich hat om ta geastlike waaksdom te kommen; woartels en wjukken. Dy útspraak foarmet de paadwizer yn it hjoeddeiske beliedsplan en yn de programmearring. Tryater ûndersiket yn syn foarstellingen ûnderskate artistike foarmen om de gevoelichheid, tinkkrêft en ferwûndering fan likegoed makers as publyk oan te fiterjen.

Yn 2013 hat Tryater 14 produksjes spile. Sawol yn Fryslân, yn Nederlân en ek yn it bûtenlân.

Fan 2013 ôf hat Tryater it produksjeproses fan de foarstellingen oars foarmjûn. De foarstellingen wurde earst ûntwikkele en in tal jûnen oan publyk sjen litten yn ús eigen gebou, de saneamde Sneak Previews. Sa komt der mear romte foar artistike ûntwikkeling. De foarstelling hoecht by de presintaasje noch net hielendal ôf te wêzen, it kin ek yn in foarm fan in ensenearre lêzing of sêne- ûndersyk. Wy kieze der foar om de foarstellingen earst nei it kreative repetysjeproses dúdlik te ûnderskieden: oan de iene kant de foarstelling dêr't kwalitatyf teater tagonklik makke wurdt foar in breed publyk, en oan de oare kant de mear op ûndersyk rjochte projekten dy't oantrekliker binne foar it artistyk nijsgjirrige publyk. Hjirmei fersterkje wy de al ynsleine koers dêr't wy it juste publyk by de juste foarstellingen op de juste lokaasjes wolkom by hite.

Voor het lopende beleidsplan heeft Tryater vier hoofd-doelstellingen geformuleerd:

- Tryater ontwikkelt en speelt theater voor zowel jeugd, jongeren als volwassenen.
- Tryater neemt verantwoordelijkheid voor een inspirerend cultureel klimaat in de regio.
- Tryater zet zich in voor talentontwikkeling.
- Tryater voert een actief educatie beleid.

Deze hoofddoelstellingen zijn terug te vinden in de keuzes van de programmering van Tryater in het jaar 2013.

Inhoudelijk laat Tryater zich inspireren door een uitspraak van Goethe. Hij schreef ooit dat een mens twee dingen nodig heeft om tot geestelijke wasdom te komen: wortels en vleugels. Die uitspraak vormt de leidraad in het huidige beleidsplan en in de programmering. Tryater onderzoekt in haar voorstellingen verschillende artistieke vormen om de gevoeligheid, denkkracht en verwondering van zowel makers als publiek aan te vuren.

In 2013 heeft Tryater 14 producties gespeeld. Zowel in Fryslân, in Nederland en ook in het buitenland.

Vanaf 2013 heeft Tryater het productieproces van de voorstellingen anders vorm gegeven. De voorstellingen worden eerst ontwikkeld en een paar avonden aan publiek getoond in ons eigen gebouw, de zogenaamde Sneak Previews. Zo komt er meer ruimte voor artistieke ontwikkeling. De voorstelling hoeft bij de presentatie nog niet helemaal af te zijn, het kan ook in een vorm van een geënceneerde lezing of scène-onderzoek. We kiezen ervoor om de voorstellingen pas na het creatieve repetitieproces duidelijk te onderscheiden: enerzijds de voorstellingen waarbij kwalitatief theater toegankelijk gemaakt wordt voor een breed publiek, en anderzijds de meer op onderzoek gerichte projecten die des te meer aantrekkelijk zijn voor het artistiek nieuwsgierige publiek. Hiermee versterken we de reeds ingeslagen koers waarbij we het juiste publiek bij de juiste voorstellingen op de juiste locaties verwelkomen.

Yn de Sneak Previews fan 2013 waarden trije nije stikken fan Tryater test. Twa op basis fan nij skreaune teksten en ien as suver foarmûndersyk.

- *In moaie jûn*, it earste jûnfolgjende toanielstik fan Ira Judkovskaja. Dizze earste Sneak Preview toerde yn 'e hjerst fan 2013 súksesfol troch de provinsje.
- *Thúsfront* waard troch Romke Toering ûntwikkele op basis fan ynterviews mei âlders fan nei Afganistan útstjoerde soldaten.
- *Sy wie* in foarmûndersyk nei de ferbylding fan in deistige, net fotosjenike identiteit fan in frou yn har priveewrâld.

Om it kultureel klimaat yn Fryslân te fersterkjen, is Tryater mei yngong fan 2013 mei in nij inisjatyf úteinset: *Satellyt*. De makers dy't har graach yn Fryslân fierder ûntwikkele wolle, of troch de taal en de pleatslike tema's ynspirearre reitsje, krije fan Tryater út artistike en produksjonele begelieding.

- *Son wie* in earste opset foar de foarstelling fan twa jonge makers, Lourens van den Akker (ek as akteur belutsen by Tryater) en Jeek ten Velden.
- Tatiana Pratley folget in talintûntwikkelingstrajekt binnen Tryater. Nei in regy-assistinsje by *Omke Wanja*, makke se har earste foarstelling by Tryater mei *Heimwee nei Hurdegaryp*, in nostalgyske 'trip down memory lane'. Nei de Sneak Preview spile dizze foarstelling op Oerol en wie ien fan de hits fan it festival. Begjin 2014 spilet *Heimwee nei Hurdegaryp* nochris trije wiken yn it Tryatergebou.

Tryater hie yn 2013 in breed oanbod foar de jeugd.

- *It lêste laad* (8+) waard yn gearwurking mei it Drintske jeugdteaterselskip DJT De Reus ûntwikkele.
- *Stamppot Schmidt* (6+), makke yn 2009, waard op 'e nij spile, no as reizgjende famyljeoarstelling.
- De foarstelling *Fabelkracht* (6+) spilet mei de ferbylding fan de jonge sjoggers.
- Yn it ramt fan it 150-jierrich jubileum fan it Noord Nederlands Orkest waard mei Tryater in bysûnder teatraal konsert makke, *Het Feest van Karel Ketelaar* (9+).
- Yn de twadde helte fan 2013 hie it primêr ûnderwiis de 'Gouden leu' as tema. Ut dit tema wei ha kulturele ynstellingen fan Ljouwert meielkoar in programma oan skoallen fan Ljouwert oanbean, lykas in histoaryske kuiertocht troch de stêd organisearre troch Historisch Centrum Leeuwarden en in spesjale tentoanstelling yn it Fries Museum. Tryater makke in foarstelling op lokaasje, yn de Kânselarij – in histoarysk gebou yn it sintrum fan de stêd: *Ontsnapping naar de Oost* (8+)

In de Sneak Previews van 2013 werden drie nieuwe stukken van Tryater getest. Twee op basis van nieuw geschreven teksten en één als puur vormonderzoek.

- *In moaie jûn*, het eerste avondvullende toneelstuk van Ira Judkovskaja. Deze eerste Sneak Preview toerde in het najaar van 2013 succesvol door de provincie.
- *Thúsfront* werd door Romke Toering ontwikkeld op basis van interviews met ouders van naar Afghanistan uitgezonden soldaten.
- *Sy was* een vormonderzoek naar de verbeelding van een dagelijkse, niet fotogenieke identiteit van een vrouw in haar privéwereld.

Om het culturele klimaat in Fryslân te versterken, is Tryater per 2013 met een nieuw initiatief begonnen: *Satelliet*. De makers die zich graag in Fryslân verder willen ontwikkelen, of door de taal en de plaatselijke thema's geïnspireerd raken, krijgen vanuit Tryater artistieke en productionele begeleiding.

- *Son was* een eerste opzet voor de voorstelling van twee jonge makers, Lourens van den Akker (ook als acteur betrokken bij Tryater) en Jeek ten Velden.
- Tatiana Pratley volgt een talentontwikkelingstrajekt binnen Tryater. Na een regie-assistentie bij *Omke Wanja*, maakte ze haar eerste voorstelling bij Tryater met *Heimwee nei Hurdegaryp*, een nostalgische 'trip down memory lane'. Na de Sneak Preview speelde deze voorstelling op Oerol en was een van de hits van het festival. Begin 2014 speelt Heimwee ook nog drie weken in het Tryater gebouw.

Tryater had in 2013 een breed aanbod voor de jeugd.

- *It lêste laad* (8+) werd in samenwerking met het Drentse jeugdtheatergezelschap DJT De Reus ontwikkeld.
- *Stamppot Schmidt* (6+), gemaakt in 2009, werd hernomen als reizende familievoorstelling.
- Ook de voorstelling *Fabelkracht* (6+) speelt met de verbeelding van de jonge kijkers.
- Ter ere van het 150-jarig jubileum van het Noord Nederlands Orkest werd samen met Tryater een bijzonder teatraal concert gemaakt, *Het Feest van Karel Ketelaar* (9+).
- In de tweede helft van 2013 had het primair onderwijs de "Gouden Eeuw" als thema. Vanuit dit thema hebben culturele instellingen van Leeuwarden gezamenlijk een programma aan scholen van Leeuwarden aangeboden, zoals een historische wandeling door de stad vanuit het Historisch Centrum Leeuwarden en een speciale tentoanstelling in het Fries Museum. Tryater maakte een voorstelling op locatie, in de Kânselarij – een historisch gebouw in het centrum van de stad: *Ontsnapping naar de Oost* (8+)

- Foar jongeren spile Tryater yn 2013 *Subtext*. In foarstelling yn de klasse oer de ynset en betsjutting fan non-ferbale kommunikaasje, sawol yn it teater as yn it libben.

Yn maart 2013 wie Tryater wer in wike gast yn it Bellevue Theater yn Amsterdam, “De Friezen Komen”, ha wy dy wike ooit neamd.

Yn it ramt fan 400 jier kulturele en ekonomyske betrekkingen mei Ruslân, reizge Tryater yn septimber 2013 mei *Fan de stêd en it libben* nei Moskou. Yn de twadde rykstaal fan Nederlân fertsjintwurdige Tryater de Nederlânske kultuer yn Ruslân.

Yn 2013 sette Tryater breed yn op de talintúntwikkeling.

- Spilers fan de earste twa lichten fan Jong Tryater ûntwikkeljen har ûnder begelieding fierder yn Tryaterproduksjes: Marit de Weerd yn *Omke Wanja* en *Subtext*, Gerben de Jong en Hali Neto yn *Fabelkracht*, Raymond Muller yn *Ontsnapping naar de Oost*, Brecht Wassenaar yn *Subtext*.
- Lourens van den Akker, ôfstudearre yn Maastricht, sil him as akteur by meardere foarstellingen fan Tryater fierder ûntwikkelje.
- Laurens van der Meulen, ôfstudearre oan de Popacademie Leeuwarden, makke syn earste stappen as komponist foar teaterfoarstellingen yn *In moaie jûn* en *Heimwee nei Hurdegaryp*.
- Yn 2013 wie Tryater aktyf belutsen by Atelier Oerol, troch in groep jonge makkers yn de rin fan it jier artistyk aktyf te begelieden yn de earste stappen fan in lokaasjefoarstelling. Ien fan de makkers, Sofie Doeland, waard as foarmjouwer belutsen by *Ontsnapping naar De Oost*.
- Lykas earder neamd folge Tatiana Pratley, ôfstudearre oan de regy- oplieding Amsterdam, in trajekt by Tryater. Njonken it meitsjen fan it súksesfolle *Heimwee nei Hurdegaryp*, wie se yn 2013 ek belutsen by it ûntwikkeljen fan in grutte lokaasjefoarstelling, wurke se oan har nije foarstelling by Tryater yn 2014 en is se belutsen by it opsetten fan in nij Europeesk projekt mei <sup>™</sup>Wales, Noarwegen en Spanje.

Tryater fierde ek in tal bysûndere projekten út. Wy organisearren foar de stêd wer de Uitmarkt. Tanskij in gearwurking mei Lwd2018 (de kandidaatsteller foar kulturele haadstêd) hat dit in grutte flecht nei foaren nommen en luts in soad publyk. Ek it neamen wurdich is de gearwurking mei de HKU nei trans mediaal teatermeitsjen. Dit hat laat ta in symposium en in projekt *Oantinken* dat op Noorderzon stie. Yn de takomst sille se de útkomsten fan dit ûndersyk yn nije trans mediale projekten ferwurkje.

- Voor jongeren speelde Tryater in 2013 *Subtext*. Een voorstelling in de klas over de inzet en betekenis van non-verbale communicatie zowel in theater als in het leven.

In maart 2013 was Tryater weer een week te gast in het Bellevue theater in Amsterdam, “De Friezen Komen”, hebben we die week ooit genoemd.

In het kader van 400 jaar culturele en economische betrekkingen met Rusland, reisde Tryater in september 2013 met *Fan de stêd en it libben* naar Moskou. In de tweede rijkstaal van Nederland vertegenwoordigde Tryater de Nederlandse cultuur in Rusland.

In 2013 zette Tryater breed in op de talentontwikkeling.

- Spelers van de eerste twee lichten van Jong Tryater ontwikkelden zich onder begeleiding verder in Tryaterproducties: Marit de Weerd in *Omke Wanja* en *Subtext*, Gerben de Jong en Hali Neto in *Fabelkracht*, Raymond Muller in *Ontsnapping naar de Oost*, Brecht Wassenaar in *Subtext*.
- Lourens van den Akker, afgestudeerd in Maastricht, zal zich als acteur bij meerdere voorstellingen van Tryater verder ontwikkelen.
- Laurens van der Meulen, afgestudeerd aan de Popacademie Leeuwarden, maakte zijn eerste stappen als componist voor theatervoorstellingen in *In moaie jûn* en *Heimwee nei Hurdegaryp*.
- In 2013 was Tryater actief betrokken bij Atelier Oerol, door een groep jonge makers in de loop van het jaar artistiek actief te begeleiden in de eerste stappen van een locatievoorstelling. Een van de makers, Sofie Doeland, werd als vormgever betrokken bij *Ontsnapping naar De Oost*.
- Zoals eerder genoemd volgt Tatiana Pratley, afgestudeerd aan de regie-opleiding Amsterdam, een traject bij Tryater. Naast het maken van het succesvolle *Heimwee nei Hurdegaryp*, was ze in 2013 ook betrokken bij het ontwikkelen van een grote locatievoorstelling, werkte ze aan haar nieuwe voorstelling bij Tryater in 2014 en is ze betrokken bij het opzetten van een nieuw Europees project met Wales, Noorwegen en Spanje.

Tryater voerde ook een aantal bijzondere projecten uit. Wij organiseerden voor de stad weer de Uitmarkt. Dankzij een samenwerking met Lwd2018 (de kandidaatsteller voor culturele hoofdstad) heeft dit een enorme vlucht naar voren genomen en trok erg veel bezoekers. Ook vermeldenswaardig is de samenwerking met de HKU naar trans mediaal theatermaken. Dit heeft tot een symposium en het project *Oantinken* geleid dat op Noorderzon stond. In de toekomst zullen we de uitkomsten van dit onderzoek in nieuwe trans mediale projecten verwerken.

In tredde bysûnder projekt is in gearwurking mei Empatec wêrby't teater ynset wurdt as ûnderdiel fan it reynteagraasjetraject fan minsken dy't dreech te pleatsen binne op de arbeidsmerk.

2013 wie foar Tryater ek it jier dat Ljouwert de nominaasje foar Kulturele Haadstêd fan Europa 2018 wûn hat. Tryater hat aktyf west yn de tariedingen fan dit traject en wie sawol fasilitear as artistyk belutsen by de presintaasjes fan dit spannende traject. Ek yn de takomst sil Tryater in wichtige rol spylje yn dizze nasjonale en ynternasjonale kulturele manifestaasje.

## Finânsjes en organisaasje

Foar it fjirde jier op rige hat Tryater in posityf eksploitaasjesaldo helle. 2013 is ôfsletten mei in risseltaat fan € 25.813,-. By oanfang fûnen we it in spannend jier; it earste jier nei de reorganisaasje, minder subsydje en in nije wize fan produsearjen. Al dizze feroaringen makken it nedich om it budzjetbehear hiel dissiplinearre út te fieren. Dêrby biedt de line dy't al fan 2011 ôf ynset is mei it realisearjen fan mear njonkenynkomsten en fûnsbydragen risseltaat. As oantekening pleatse we hjir wol by dat de ynspanning en de ekstra kosten dy't dit mei him meibringt flink is. En it risiko fan in fernipperjen fan de fokus op de aktiviteiten is hieltyd oanwêzich.

De finansjele posysje fan Tryater is fierder ferstevige. Troch de mooglikheid om it bestemmingsfûns 2009-2012 yn te setten is de algemiene reserve lang om let wer posityf. It eigen fermogen is justjes omheech gien. Dochs sil de reserve posysje noch groeie moatte oant in reëel persintaasje fan de trochrintende kosten. We soenen dan ek foarstanner wêze fan in oanpassing fan de bestemmingsfûns regeling yn dizze keunsteperiode, sa dat it mooglik is earst in winske algemiene reserve opbouwe te kinnen foar't in diel fan it eksploitaasje risseltaat nei de bestemmingsreserve giet. Sadat de finansjele hûshâlding en dêrmei de wissichheid fan it bestean fan Tryater robúster wurde kin.

We binne tefreden oer de levere prestaasjes. It tal aktiviteiten mei elkoar is krekt wat leger as yn it mearjierrebeliedsplan pland wie - in logysk gefolch fan minder wisse ynkomsten oangeande dit beliedsplan -, mar it tal besiken is flink heger as de ambysje.

It tal besykjende skoalbern is ek rom boppe de prestaasje eask. Dit wurdt benammen op it primêr ûnderwiis helle. De gearwurking mei it fuortset ûnderwiis stiet ûnder druk. Se hawwe minder romte en minder finansjele mooglikheden foar kultuer. Tryater moat mear ynspanning dwaan foar minder besikers. As der út it lanlik belied gjin feroaring komt dy't liedt ta mear fokus en romte foar kultuer op it fuortset ûnderwiis, bliuwt it foar ús ek de kommende jierren dreech om genôch foar learlingen fan it fuortset ûnderwiis spylje te kinnen.

Een derde bijzonder project is een samenwerking met Empatec waarbij theater wordt ingezet als onderdeel van het reïntegratietraject van mensen die moeilijk plaatsbaar zijn op de arbeidsmarkt.

2013 was voor Tryater ook het jaar waarin Leeuwarden de nominatie voor Culturele Hoofdstad van Europa 2018 heeft gewonnen. Tryater is actief geweest in de voorbereidingen van dit traject en was zowel facilitair als artistiek betrokken bij de presentaties van dit spannende traject. Ook in de toekomst zal Tryater een belangrijke rol spelen in deze nationale en internationale culturele manifestatie.

## Financiën en organisatie

Voor het vierde jaar op rij heeft Tryater een positief exploitatiesaldo gehaald. 2013 is afgesloten met een resultaat van € 25.813,-. Bij aanvang vonden wij het een spannend jaar; het eerste jaar na de reorganisatie, minder subsidie en een nieuwe wijze van produceren. Al deze veranderingen maakten het nodig om het budgetbeheer zeer gedisciplineerd uit te voeren. Daarbij biedt de lijn die al vanaf 2011 is ingezet met het realiseren van meer neveninkomsten en fondsbijdragen resultaat. Als aantekening plaatsen we hier wel bij dat de inspanning en de extra kosten die dit met zich mee brengt aanzienlijk is. En het risico van een versnippering van de focus op de activiteiten is continu aanwezig.

De financiële positie van Tryater is verder verstevigd. Dankzij de mogelijkheid om het bestemmingsfonds 2009-2012 in te zetten is de algemene reserve eindelijk weer positief. Het eigen vermogen is licht gestegen. Toch zal de reserve positie nog moeten groeien tot een reëel percentage van de doorlopende kosten. Wij zouden dan ook voorstander zijn van een aanpassing van de bestemmingsfonds regeling in deze kunstenperiode, zodanig dat het mogelijk is eerst een gewenste algemene reserve op te kunnen bouwen alvorens een deel van het exploitatie resultaat naar de bestemmingsreserve gaat. Zodat de financiële huishouding en daarmee de bestaanszekerheid van Tryater robuuster kan worden.

We zijn tevreden over de geleverde prestaties. Het totaal aantal activiteiten is iets lager dan in het meerjaren beleidsplan was gepland – een logisch gevolg van minder zekere inkomsten t.o.v. dit beleidsplan -, maar het aantal bezoeken overstijgt de ambitie ruimschoots. Het aantal bezoekende scholieren is ook ruim boven de prestatie eis. Dit wordt vooral op het primair onderwijs gehaald. De samenwerking met het voortgezet onderwijs staat onder druk. Zij hebben minder ruimte en minder financiële mogelijkheden voor cultuur. Tryater moet meer inspanning verrichten voor minder bezoekers. Als er vanuit het landelijk beleid geen verandering komt die leidt tot meer focus en ruimte voor cultuur op het voortgezet onderwijs, blijft het voor ons ook de komende jaren moeilijk om genoeg voor leerlingen van het voortgezet onderwijs te kunnen spelen.

It eigen ynkomstepersintaazje stimt ta tefredenheid. 35,2 % sjogge we yn de hjoeddeiske situaasje – dêr't benammen bedriuwen har yn weromlûke – as in hiel goed risseltaat. De eigen ynkomsten litte ek in goed sprate gearstalling sjen. In tal ynkomsten (fûnsen, koproduzenten) binne keppele oan ekstra ynspanningen. By ôffallende ynkomsten yn de takomst soenen we derfoar kieze kinne ekstra aktiviteiten net út te fieren en dat we dochs noch rom oan de besikersoantallen foldwaan kinne. De ambysje is lykwols om wol dy ekstra ynkomsten en aktiviteiten te realisearjen.

Oangeande de omfang en gearstalling fan ús publyk kinne we it folgjende melde: 67.045 besiken stimt ta tefredenheid. Tryater ûnderstreekt de unike posysje yn de BIS, trochdat it selskip in oar segmint publyk betsjinnet. Mei it Continu Publieksonderzoek fan Hendrik Beerda, dat benchmark mei oare BIS selskippen én ek mei de sektor yn syn geheel, krijt Tryater foar elke produksje ynsjoch yn de gearstalling en it profyl fan de besikers. Der komt dúdlik yn nei foaren dat Tryater him mei de measte produksjes bejout yn in plattelânssituaasje en net folle grutte stêden oandocht. Yn it Mosaic-model is ôf te lêzen dat it persintaazje Jonge Digitalen, Stedelijke Balanceerders, Goed Stadsleven, Kind en Carrière, Elitaire Topklasse, Gouden Rand, mar ek Sociale Huurders signifikant minder fertsjintwurdige binne. Dêrfoar oerlizze de persintaazjes Ripe Middenklasse, Vrijheid en Ruimte, Landelijk Leven en Welverdiend Genieten flink folle heger. In oar kenmerk fan it publyk dat de foarstellingen foar folwoeksenen fan Tryater besiket is dat se leger oplaate binne as de trochsneed besiker fan de oare BIS selskippen/rest fan de sektor. Dat is de fertsjinst fan de wize fan produsearjen: troch hiel ferskillende produksjes te meitsjen, troch te spyljen op in grut ferskaat oan lokaasjes. Neist it folwoekseneteater spilet Tryater in soad foar jeugd en jongeren. Troch de hechte bân mei it ûnderwiis slagget it Tryater om it publyk fan de takomst foar him te winnen. Lytse publyksûndersiken (google forms en enkêtes), ynfolle troch dosinten en learlingen, wize út dat de produksjes fan Tryater heech wurdearre wurde.

## Bestjoersmodel

Yn 2013 hawwe we it bestjoersmodel tsjin in ljocht hâlden. Hjir ha we de help foar ynroppen fan advysburo Twijnstra Gudde. Se hawwe in analyse makke en dêrby in advys jûn foar in nij bestjoersmodel. Yn 2014 sil Tryater de oerstap meitsje nei in previntyf aktive Ried fan Tafersjoch. It karbrief is oanpast neffens de nije regels fan Cultural Governance, krekt as alle oare nedige dokuminten (profylsketsen, RfT reglemint, direksje reglemint, oersjoch ferantwurdlikheden en foegen). Yn 2013 binne twa bestjoersleden ôfgien. Betty Bannink wie oan de ein fan har termijnen, Sije Holwerda koe it net langer kombinearje mei syn oare wurksomheden. Yn maart 2014 folget in prosedure foar it finen fan nije Ried fan Tafersjoch leden passend binnen de nije profylsketsen.

Het eigen inkomsten percentage stemt tot tevredenheid. 35,2 % beschouwen wij in de huidige situatie – waarin met name bedrijven zich terug trekken – als een zeer goed resultaat. De eigen inkomsten laten ook een goed gespreide samenstelling zien. Een aantal inkomsten (fondsen, coproducenten) zijn gekoppeld aan extra inspanningen. Bij tegenvallende inkomsten in de toekomst zouden we ervoor kunnen kiezen extra activiteiten niet uit te voeren en toch nog ruim aan de bezoekersaantallen kunnen voldoen. De ambitie is echter om wel die extra inkomsten en activiteiten te realiseren.

Ten aanzien van de omvang en samenstelling van ons publiek kunnen wij het volgende melden: 67.045 bezoeken stemt tot tevredenheid. Tryater onderstreept de unieke positie in de BIS, doordat het gezelschap een ander segment publiek bedient. Met het Continu Publieksonderzoek van Hendrik Beerda, dat benchmark met andere BIS gezelschappen én ook met de sector in z'n geheel, krijgt Tryater per productie inzicht in de samenstelling en het profiel van de bezoekers. Er komt duidelijk in naar voren dat Tryater zich met de meeste producties begeeft in een plattelandsituatie en weinig grote steden aan doet.

In het Mosaic-model is af te lezen dat het percentage Jonge Digitalen, Stedelijke Balanceerders, Goed Stadsleven, Kind en Carrière, Elitaire Topklasse, Gouden Rand, maar ook Sociale Huurders significant minder vertegenwoordigd zijn. Daarentegen liggen de percentages Ripe Middenklasse, Vrijheid en Ruimte, Landelijk Leven en Welverdiend Genieten behoorlijk veel hoger.

Een ander kenmerk van het publiek dat de voorstellingen voor volwassenen van Tryater bezoekt is dat zij lager zijn opgeleid dan de gemiddelde bezoeker van de overige BIS gezelschappen/rest van de sector. Dat is de verdienste van de manier van produceren: door zeer diverse producties te maken, door te spelen op een grote verscheidenheid aan locaties.

Naast het volwassenentheater speelt Tryater veel voor jeugd en jongeren. Door de innige band met het onderwijs slaagt Tryater er in om het publiek van de toekomst voor zich te winnen. Kleine publieksonderzoeken (google forms en enquêtes), ingevuld door docenten en leerlingen, wijzen uit dat de producties van Tryater hoog gewaardeerd worden.

## Bestuursmodel

In 2013 hebben wij het bestuursmodel tegen het licht gehouden. Hiervoor hebben wij de hulp ingeroepen van adviesbureau Twijnstra Gudde. Zij hebben een analyse gemaakt en daarbij een advies gegeven voor een nieuw bestuursmodel. In 2014 zal Tryater de overstap maken naar een preventief actieve Raad van Toezicht. De statuten zijn aangepast volgens de nieuwe regels van Cultural Governance, net zoals alle andere benodigde documenten (profiel schetsen, RvT reglement, directie reglement, overzicht verantwoordelijkheden en bevoegdheden). In 2013 zijn twee bestuursleden afgetreden. Betty Bannink was aan het einde van haar termijnen, Sije Holwerda kon het niet langer combineren met zijn andere werkzaamheden. In maart 2014 volgt een procedure voor het vinden van nieuwe Raad van Toezicht leden passend binnen de nieuwe profiel schetsen.

# IT LÊSTE LAAD

FERHALEN ÚT IT WRÂLDFERNEAMDE SEEMUSEUM FAN JUFFER WANDERS

VERHALEN UIT HET WERELDBEROEMDE ZEEMUSEUM VAN JUFFROU WANDERS



konsept en regy	Henk de Reus
skript	Jan Veldman
oersetting	Anna Bilker
spul	Aly Bruinsma
muzyk	Chris Koopman
dekôr en byld	Louise Kaspers
kostúms	Aafje Horst
technyk	David Lelieveld
spylperioade	15 jannewaris oant en mei 14 maart 2013

### it stik

Juffer Wanders wie de direkteurise fan it grutte W.S. (Wrâldferneamd Seemuseum). Sy wie in hiel âlde, mar oer sa bysûndere dame. Sa sterk, snoad en skerp as juffer Wanders wie der net ien. Se beklom de heechste bergen, swom yn de djipste seeën en rekke fersyld yn de gefaarlikste sitewaasjes, dêr't se har fansels altyd wer út wist te rêden. Op har reizen sammele se seldsumheden en rariteiten út ferskate lannen. En dy krigen dan in plak yn in moaie kast yn it Seemuseum. Sa fertelt har húshâldster...

It museum herberget steapels oantinkens. Troch de ferhalen fan de húshâldster liket juffer Wanders opnij ta libben te kommen. Se dûkt yn it ferline en dreamt fuort by de prachtige samling. Se lûkt laadsjes iepen en op 'e nij folget der dan in prachtich ferhaal. Somtiden lykje de ferhalen hast te moai om wier te wêzen... .

### het stuk

Juffrouw Wanders was de directrice van het grote W.Z. (Wereldberoemd Zeemuseum). Zij was een hele oude, maar o zo bijzondere dame. Zo loeisterk, reuzeslim en geleerd als Juffrouw Wanders bestond er geen één. Ze beklom de hoogste bergen, dook in de diepste zeeën en raakte verzeild in de gevaarlijkste situaties, waar ze zich natuurlijk altijd weer wist uit te redden. Op haar reizen verzamelde zij voorwerpen en rariteiten uit allerlei landen. En die kregen dan een plek in een mooie kast in het Zeemuseum. Zo vertelt haar huishoudster... .

Het museum herbergt stapels herinneringen. Door de verhalen van de huishoudster lijkt Juffrouw Wanders opnieuw tot leven te komen. Ze duikt in het verleden en droomt weg bij de prachtige verzameling. Ze trekt laatjes open en opnieuw volgt dan een prachtig verhaal. Soms zijn de verhalen bijna te mooi om waar te zijn...

# Stamppot Schmidt

In foarstelling mei meiwurking fan de K.T.F.F.F.F.F.A.M.G.S. (Y.I.F.)

Een voorstelling met medewerking van de C.T.V.V.V.V.V.A.M.G.S. (I.H.F.)



regy	Bram de Goeij
gedichten	Annie M.G. Schmidt
konsept en dramaturgy	Tamara Schoppert
muzyk en skript	Peter Sijbenga
oersetting en bewurking	Tryntsje van der Zee en Peter Sijbenga
spilers	Arnold Dijkstra en Eelco Venema
foarmjouwing	Maria Dourron
premjêre	14 maart 2009
spylperioade	16 jannewaris oant en mei 3 maart 2013

*Stamppot Schmidt* (6+), makke yn 2009, waard op 'e nij spile as reizgjende famyljefoarstelling. Yn dizze reisferzje waard in teatrale lêzing fan de oersetter taheakke.

#### it stik

Hoera! It is sa fier! De Kommissje Ta Fuortsterking Fan Fersprieding Fan Ferskes Fan Annie M.G. SMYT (Yn It Frysk) is ree fûn om de berntsjes te learen hoe't se stamppot meitsje moatte. Kommissjeleden Koos en Klaas (en Kees) stampe herten, fluittsjetteltsjes en in grut tal muoikes en Royalty ta ien Grutte Panne Mei Poëzy. (Lit dat mar oan har oer). Mei har sizze wy: Hoerakatee! En Skep Nochris Op! Want hoefolle wurden kensto eins yn it Frysk?

*Stamppot Schmidt* is in nochal absurde foarstelling (yn it Frysk) foar elkenien Fan Seis Jier en Alder dy't ûnmjitlik grut wurde wol.

*Stamppot Schmidt* (6+), gemaakt in 2009, werd hernomen als reizende familievoorstelling. In deze reisversie werd een theatrale inleiding van de vertaler toegevoegd.

#### het stuk

Hoera! Het is zover! De Commissie Tot VERS-terking Van Verspreiding Van Versjes Van Annie M.G. Smyt (In Het Fries) wordt bereid gevonden om de kindertjes te leren hoe ze stamppot moeten maken. Commissieleden Koos en Klaas (en Kees) prakken herten, fluitketeltjes en een groot aantal tantes en Royalty tot één Grote Pan met Poëzie. (Laat dat maar aan hen over). En met hen zeggen wij: Hoerakatee! En Schep Nog Maar Eens Op. Want hoeveel woorden ken jij eigenlijk in het Fries?

*Stamppot Schmidt* is een nogal absurde voorstelling (in het Fries) voor iedereen Van Zes Jaar en Ouder die grenzeloos groot wil worden.

# SUBTEXT



konsept en regy	Tamara Schoppert
spilers	Lourens van den Akker en Marit de Weerd
kostúms	Hadewych ten Berge
spylperioade	29 jannewaris oant en mei 28 novimber 2013

### it stik

Spul en werklikheid binne somtiden dreech út elkoar te hâlden en wurde troch akteurs bewust fermingd. Yn *Subtext* sjogge wy in akteur dy't him ôffreget oft hy dat wol dwaan mei, wat 'ik ben niet eerlijk en ik lieg de werklikheid voor jullie ogen aan elkaar'.

*Subtext* giet oer de funksje en benammen it plezier fan teater. Mei de learlingen sjogge wy nei hoe't teater brûkt wurde kin om de realiteit op 'e nij te besjen en der in ferrassende draai oan te jaan. Yn de foarstelling brûke wy teksten út ús súksesfolle produksje *Discopigs*. In ferhaal oer twa pubers. Sy libje it echte libben. Rûch op stap, skyt oan de wrâld en net te hâlden. Sy dûnsje, fleane, en sûpe, oant it ûnûntkombere him oantsjinnet.

### het stuk

Spel en werklikheid zijn soms lastig uit elkaar te houden en worden door acteurs bewust vermengd. In *Subtext* zien we een acteur die zich afvraagt of hij dat wel mag doen, want 'ik ben niet eerlijk en ik lieg de werklikheid voor jullie ogen aan elkaar'.

*Subtext* gaat over de functie en vooral het plezier van theater. Met de leerlingen kijken we naar hoe je theater kunt gebruiken om de realiteit opnieuw te bekijken en er een verrassende draai aan te geven. In de voorstelling gebruiken we teksten uit onze succesvolle productie *Discopigs*. Een verhaal over twee pubers. Zij leven het echte leven. Ruig op stap, schijft aan de wereld en niet te stoppen. Ze dansen, vliegen en zuipen, totdat het onvermijdelijke zich aandient.



**WTF! DE  
FRIEZEN  
KOMEN!**

**TRYATER\***

**SPEELT IN  
THEATER BELLEVUE**

---

**25 t/m 31 MAART 2013**

---

*\*met Nederlandstalige boventiteling*

---

*De Presidintes  
Fan de stêd en it libben  
Omke Wanja  
Fabelkracht*

---

*Kaartverkoop:  
[www.theaterbellevue.nl](http://www.theaterbellevue.nl)*

---

**THEATER BELLEVUE**

# BELLEVUE

Yn maart 2013 wie Tryater wer in wike te gast yn it Bellevue Theater yn Amsterdam, 'De Friezen Komen,' ha we dy wike oait neamd. De reden om nei Amsterdam ôf te reizgjen is neist it spyljen foar Friezen yn de Rânestêd, ek dyn foarstellingen oan in oar publyk toane en de dialooch oangean mei it nijsgjirrige teater (en teatermeitsjend) publyk yn Amsterdam. Dizze twadde edysje fan de Bellevuewike wie wer in súkses. Neist *Fabelkracht* waarden trije foarstellingen op 'e nij spile, dy't earder troch de provinsje reizge hienen: *Omke Wanja*, *Fan de stêd en it libben* en *De Presidintes*.

In maart 2013 was Tryater weer een week te gast in het Bellevue Theater in Amsterdam, "De Friezen Komen", hebben we die week ooit genoemd. De reden om naar Amsterdam af te reizen is naast het spelen voor Friezen in de Randstad, ook je voorstellingen aan een ander publiek te tonen en de dialoog aangaan met het nieuwsgierige theater (en theater makend) publiek in Amsterdam. Deze tweede editie van de Bellevueweek was weer een succes. Naast *Fabelkracht* werden drie voorstellingen hernomen, die eerder door de provincie hadden gereisd: *Omke Wanja*, *Fan de stêd en it libben* en *De Presidintes*.

# FAN DE STÊD EN IT LIBBEN

IN BEWEECHLIKE TRAGIKOMEEDZJE DÊR'T DE STÊD METAFOAR IS FOAR IT LIBBEN  
EEN BEWEGELIJKE TRAGIKOMEDIE WAARIN DE STAD METAFOOR IS VOOR HET LEVEN



regy	Jochem Stavenuiter en Ira Judkovskaja
oersetting/bewurking	Tryntsje van der Zee
spilers	Henk Zwart, Aly Bruinsma, Arnold Dijkstra, Ria Marks, Nynke Heeg, Tamara Schoppert, Eelco Venema
dekôrûntwerp	Ekko de Bakker
lûdregy	Peter Sijbenga
ljochtûntwerp	Henk van der Kooi
kostúmûntwerp	Atty Kingma
premjêre:	10 oktober 2009
spylperioade	15 en 16 maart 2013: Tryatergebou, Ljouwert 27 en 28 maart 2013: Theater Bellevue, Amsterdam 16, 27 en 28 septimber 2013: Theater Winzavod, Moskou

### it stik

Yn *Fan de stêd en it libben* wurdt it libben as in stêd delset. It publyk ûndergiet alle yndrukken dy't it stedske libben te bieden hat. Mar leafst 70 personaazjes, spile troch 7 akteurs, komme del. Se kuierje, wachtsje, prate, drave, rinne, sitte en sjonge. Allegear libje se har eigen libben en prate se har eigen taal. Elk yn syn eigen tempo. Dat tempo wurdt bytiden krêft byset troch it brûken fan in rinnende bân op it spylflak. Sa krijt it libben sels letterlik gong.

*'Het is een zeer milde blik op het menselijk bestaan waarin elk potentieel dreigement wordt bezworen. Zelfs de honden bijten niet. De sfeer is af en toe melancholiek, maar allerminst tragisch; wel hoopgevend, dankzij de humor. Aan het eind wordt een gedicht van Fernando Pessoa geciteerd, dat ongetwijfeld een grote inspiratie voor de makers was. (...) De voorstelling is te beleven als een seculiere mis, een ode aan het leven.'*  
(Hana Bobkova, TM maart 2011)

### het stuk

In *Fan de stêd en it libben* wordt het leven als een stad neergezet. Het publiek ondergaat de vele indrukken die het stadse leven te bieden heeft. Maar liefst 70 personages, gespeeld door 7 acteurs, komen langs. Ze wandelen, wachten, praten, draven, lopen, zitten en zingen. Allemaal leven ze hun eigen leven en spreken ze hun eigen taal. Ieder in hun eigen tempo. Dat tempo wordt hier en daar kracht bijgezet door het gebruik van lopende banden op het speelveld. Zo krijgt het leven zelfs letterlijk vaart.

*'Het is een zeer milde blik op het menselijk bestaan waarin elk potentieel dreigement wordt bezworen. Zelfs de honden bijten niet. De sfeer is af en toe melancholiek, maar allerminst tragisch; wel hoopgevend, dankzij de humor. Aan het eind wordt een gedicht van Fernando Pessoa geciteerd, dat ongetwijfeld een grote inspiratie voor de makers was. (...) De voorstelling is te beleven als een seculiere mis, een ode aan het leven.'*  
(Hana Bobkova, TM maart 2011)

# OMKE WANJA

**OP IN HELDERE MOARN WEKKER WURDE EN MERKE DAT DYN LIBBEN OP 'E NIJ BEGÛN IS.**  
**OP EEN HELDERE MORGEN WAKKER WORDEN EN MERKEN DAT JE LEVEN OPNIEUW IS BEGONNEN.**



© Saris&den Engelsman (naamsvermelding verplicht)

tekst	Anton Tsjechov
oersetting	Romke Toering
regy	Ira Judkovskaja
spilers	Joop Wittermans, Aly Bruinsma, Arnold Dijkstra, Leny Dijkstra, Nynke Heeg, Eelco Venema en Marit de Weerd
spylperioade:	21 maart 2013: Tryatergebou, Ljouwert 29 en 30 maart 2013: Theater Bellevue, Amsterdam

### it stik

Tryater spilet *Omke Wanja*, it masterwurk fan de bekende Russyske skriuwer Anton Tsjechov, dy't altyd wer ynspirearre waard troch famyljebannen en minsken fan it plattelân. Wa oars soe Omke Wanja hjir yn Fryslân bringe moatte as de fan oarsprong Russyske Ira Judkovskaja, artistyk lieder fan Tryater.

Omke Wanja wennet mei syn mem en nicht Sonja op in bûtenferbliuw. Sy beheare it bûten al jierren en dogge dat mei grutte tawijing. Mei har trijen libje se it libben op oarder en tiid. Mar as professor Serebrjakov - de heit fan Sonja en sweager fan Wanja - mei syn twadde frou Helena oankomt, wurdt alles lykwols oars. Sy bringe mei harren oare oanwensten it ritme fan it deistich libben op it bûtenferbliuw yn ûnstjoer.

Ira Judkovskaja bringt de personaazjes mei waarmte, as wiene se har eigen famylje. Sy relativearret harren syktocht en ûnwittendheid mei selsspot en humor. Sa krije de personaazjes in lichtens en krijt harren libben in stikje glâns. Dêrmei slút *Omke Wanja* oan op foarstellingen as *Eintsje Libben* en *Fan de stêd en it libben*, dy't ek troch Ira regisseurre waarden. Mei *Omke Wanja* seit Ira Judkovskaja wat oer ússels en oer de krêft dy't yn elk mins sit om foar it gelok kieze te wollen.

### het stuk

Tryater speelt *Omke Wanja*, het meesterwerk van de bekende Russische schrijver Anton Tsjechov die in z'n werk steeds weer geïnspireerd werd door familiebanden en mensen van het platteland. Wie anders zou Omke Wanja bij Tryater moeten brengen als de van oorsprong Russische Ira Judkovskaja, artistiek leider van Tryater.

Oom Wanja woont met z'n moeder en nicht Sonja op een buitenverblijf. Ze beheren het buiten al jaren en doen dat met grote toewijding. Met z'n drieën leven ze een geregeld leven. Maar wanneer professor Serebrjakov - de vader van Sonja en zwager van Wanja - met z'n tweede vrouw Helena arriveert, wordt alles anders. Het ritme van het dagelijks leven op het buitenverblijf wordt overhoop gehaald.

Ira Judkovskaja brengt de personages met warmte, alsof ze haar eigen familie zijn. Zij relateert hun zoektocht en onwetendheid met zelfspot en humor. Zo krijgen de personages een lichtheid en krijgt hun leven een stukje glans. Daarmee sluit *Omke Wanja* aan op de voorstellingen *Eintsje Libben* en *Fan de stêd en it libben*, die ook door Ira geregisseerd werden. Met *Omke Wanja* zegt Ira Judkovskaja iets over onszelf en over de kracht die in elk mens zit om voor geluk te willen kiezen.

# DE PRESIDENTES



© Sanne Peper

tekst	Werner Schwab
oersetting	Bouke Oldenhof
regy	Jos van Kan
dramaturgy	Berthe Spoelstra
spilers	Aly Bruinsmaa, Tamara Schoppert en Alyt Damstra
foarmjouwing	Jan Ros
kostúmûntwerp	Linda Eijssen
muzyk	Wiebe Gotink
ljochtûntwerp	Koos de vries
kap/grime	Arjen van der Grijn
spylperioade	26 maart 2013: Theater Bellevue, Amsterdam

### it stik

Erna en Greta dreame lûdop. Yn harren fantasy meitsje se it libben nijsgjirriger en moaier. Se dreame fan in wrâld dêr't sy as presidintes fan in sprankeljend libben, mei genôch bier en woarst, elkenien oan harren fuotten lizzen ha. De trije froulju rattelje en rabje en hawwe spul oer hoe't it libben wêze kin. Se laitsje en fantasearje frijút: brutaal, wreed, hilyarysk en grinsleas. Want harren langstme nei werkenning en waardichheid is grut. Oant Marytsje te fier giet...

*De Presidintes* is in keukentafel komeedzje oer it libben sels. It is in ferhaal oer teloarstelling, ûnmacht en liikens. Mar ek oer langstme en freonskip. En benammen oer de enoarme krêft fan de fantasy. In moderne klassiker, dy't al 20 jier yn hiel Europa spile wurdt.

### het stuk

Erna en Gretha dromen hardop. In hun fantasie maken ze het leven interessanter en mooier. Ze dromen van een wereld waarin zij, als presidentes van een sprankelend leven, met genoeg bier en worst, iedereen aan hun voeten hebben geworpen. De drie vrouwen praten en roddelen en zijn het niet met elkaar eens over hoe het leven zou kunnen zijn. Ze lachen en fantaseren ongegeneerd, brutaal, wreed, hilarisch en grenzeloos. Want hun verlangen naar erkenning en waardigheid is groot. Tot Marie een stap te ver gaat...

*De Presidintes* is een keukentafel komedie over het leven zelf. Het is een verhaal over teleurstelling, onmacht en kwaadheid. Maar ook over verlangen en vriendschap. En vooral over de enorme kracht van de fantasie. Een moderne klassieker, die al 20 jaar in heel Europa gespeeld wordt.

# FABELKRACHT

DÊR'T DE FANTASY EN IT LICHEM MEKOAR FOAR DE GEK HÁLDE  
WAAR DE FANTASIE EN HET LICHAAM ELKAAR IN DE MALING NEMEN



konsept en regy spilers	Tamara Schoppert oant 1 septimber 2013: Gerben de Jong en Hali Neto fan 1 septimber 2013 ôf: Hali Neto en Willem Voogd
foarmjouwing ljocht/lûd spylperioade	Maria Dourron Jan Bruinsma en Ben Vrielink 31 maart 2013: Theater Bellevue, Amsterdam 16 oant en mei 20 augustus 2013: Festival Noorderzon, Grins 23 oktober oant en mei 20 novimber 2013: Fryslân en Súd-Hollân

### it stik

Wat is der mis mei Rimmelt? Hy leit deastil op in kastplanke en it liket as kin hy net bewege. Mar syn eagen laitsje, en hy hat dúdlik in soad wille. Joes begrypt der neat fan. Hy komt del om mei Rimmelt te boartsjen, mar wat is dêr no oan mei ien dy't net út himsels beweecht. Rimmelt sjocht it probleem net. Hy hat 1001 ideeën yn syn holle. It tûmelet en dûkelet dêr binnen, der komt gjin ein oan. Giet Joes der yn mei?

Rimmelt:

*Do bist wol hiel sterk, Joes, mar do hast gjin fabelkrêft. Dat is wol spitich. Do en ik sille mekoar nooit begripe.*

Joes:

*Fabelkrêft... dat wurd bestiet hielendal net.*

Rimmelt:

*Sjochst no wol! Enoarme spieren, mar gjin griseltsje fantasy.*

Mei *Fabelkrêft* makket Tryater in beweechlike foarstelling, dêr't de ûnútbrûkbere krêft fan de fantasy it lichem útdaget en se mekoar ûnderling foar de gek hâlde.

### het stuk

Wat is er met Rimmelt aan de hand? Hij ligt doodstil op een kastplank en het lijkt alsof hij niet kan bewegen. Maar zijn ogen lachen en hij heeft duidelijk veel plezier. Joes begrijpt er niets van. Hij komt langs om samen te spelen, maar wat is daar nu aan met iemand die niet uit zichzelf beweegt. Rimmelt ziet het probleem niet. Hij heeft 1001 ideeën in zijn hoofd. Het tuimelt en buitelt daarbinnen, er komt geen einde aan. Gaat Joes er in mee?

Rimmelt:

*Jij bent wel heel sterk, Joes, maar je hebt geen fabelkracht. Dat is heel jammer. Jij en ik zullen elkaar nooit begrijpen.*

Joes:

*Fabelkracht... dat woord bestaat helemaal niet.*

Rimmelt:

*Zie je wel! Enorme spieren maar geen greintje fantasie.*

Met *Fabelkracht* maakt Tryater een beweeglijke voorstelling, waarin de onuitputtelijke kracht van de fantasie het lichaam uitdaagt en ze elkaar onderling in de maling nemen.

# HET FEEST VAN KAREL KETELAAR



© Saris & den Engelsman (naamsvermelding verplicht)

orkest	Noord Nederlands Orkest
dirigint	Hans leenders
regy	Tamara Schoppert
spul	Arnold Dijkstra en Bram de Goeij
tekst	Jan Veldman
muzykkar	Marcel Mandos
arranzjeminten	Gijs Philip van Schaik
foarmjouwing	Miek Uittenhout
ljochtûntwerp	Koos de Vries
spylperioade	10 april oant en mei 14 juny 2013: Fryslân, Grinslân en Drinte

By de gelegenheid fan it 150-jierrich jubileum fan it Noord Nederlands Orkest waard mei Tryater in bysûnder teatraal konsert makke, *Het Feest van Karel Ketelaar* (9+). Twa akteurs, in dirigint en in folslein symfoanysk orkest bespilen de grutte sealen fan de noardlike skouboargen foar mei elkoar 13.268 bern. Fragminten út it symfoanysk repertoire stipen de poëtyske en absurde fertelling fan in jonge dy't eefkes allinnich thús bleau en it feest op besite krige.


#### it stik

It NNO en Tryater fiere it publyk trije kertier lang mei yn in wûnderlik feest. As Droef allinne thús sit om't syn mem in date hat, stiet Dol ynienen foar de doar. Hy freget him ôf oft it feest fan Karel Ketelaar al begûn is. Dol is eksintryk en yn foar in feestje. Dol ferliedt, manipulearret en sleept Droef mei. Mar Droef doart net folle, hy libbet hoeden en besiket Dol de doar út te krijen.

Ter ere van het 150-jarig jubileum van het Noord Nederlands Orkest werd samen met Tryater een bijzonder teatraal concert gemaakt, *Het Feest van Karel Ketelaar!* (9+). Twee acteurs, een dirigint en een compleet symfonisch orkest bespeelden de grote zalen van de noordelijke schouwburgen voor in totaal 13.268 kinderen. Fragmenten uit het symfonische repertoire ondersteunden de poëtische en absurde vertelling van een jongen die even alleen thuis bleef en het feest op bezoek kreeg.

#### het stuk

Het NNO en Tryater voeren het publiek drie kwartier lang mee in een wonderlijk feest. Als Droef alleen thuis zit omdat zijn moeder een date heeft, staat plots Dol voor de deur. Hij vraagt zich af of het Feest van Karel Ketelaar al begonnen is. Dol is excentriek en in voor een feestje. Dol verleidt, manipuleert en sleept Droef mee. Maar Droef is geen durfal, hij leeft voorzichtig en probeert Dol de deur uit te werken.



# SNEAKPREVIEWS

Yn de Sneak Previews krije teatermakers de gelegenheid om nije sjenres te ûndersykjen en nije stikken út te probearjen. Tryater set de kommende jierren mear mei klam yn op de ûntwikkeling fan de podiumkeunsten yn Fryslân. It selskip biedt romte foar teatermakers mei nije ideeën, mar ek foar nije orizjinele stikken. As in skript of in (part fan in) stik safier is dat it presintearre wurde kin oan in publyk, dan wurdt it programmearre yn de saneamde Sneak Previews. Dat binne jûnen dêr't foarpriuwkes jûn wurde om foar it earst yn 'e kunde te kommen mei nij wurk. It soe sa mar kinne dat út ien fan dy ûntwikkelingstrajekten in nije foarstelling nei foaren komt, dy't simpelwei spile wurde moat om't er geskikt is foar in grut publyk. Mar it kin ek sa wêze dat de regisseur of skriuwer ynspiraasje hellet út de jûn om dêrnei noch in stap yn ûntwikkeling te meitsjen.

Tryater zet de komende jaren meer met nadruk in op de ontwikkeling van de podiumkunsten in Friesland. Het gezelschap biedt ruimte voor theatermakers met nieuwe ideeën, maar ook voor nieuwe originele stukken. Wanneer een script of een (deel van een) stuk zo ver is dat het gepresenteerd kan worden aan een publiek, dan wordt het geprogrammeerd in de zogenoemde Sneak Previews. Dat zijn avonden waar voorproefjes gegeven worden om voor het eerst kennis te maken met nieuw werk. Het kan gebeuren dat uit één van deze ontwikkelingstrajecten een nieuwe voorstelling komt, simpelweg omdat tijdens de Sneak Previews gebleken is dat het gemaakte geschikt is voor een groot publiek. Maar het kan ook zo zijn dat de regisseur of schrijver inspiratie haalt uit de avond om daarna nog een stap in de ontwikkeling te maken.. In de Sneak Previews krijgen theatermakers de gelegenheid nieuwe genres te onderzoeken en nieuwe stukken uit te proberen.

# In moaie jûn



tekst en regy	Ira Judkovskaja
oersetting	Bouke Oldenhof
dramaturgy	Inès Sauer
spul	Nynke Heeg, Wouter van Oord, Lysbeth Welling en Joop Wittermans
spul bern	Hidde Haantjes, Mart Hylkema, Jitze Pieter Schievink, Jorrit van der Velde en Feike de Vries
dekôrûntwerp	Maria Dourron
kostúmûntwerp	Linda Eijssen
ljochtûntwerp	Henk van der Kooi
muzyk	Laurens van der Meulen
gedichten	Peter Sijbenga
rekwisiteur	Udo Thijssen
kap en grime	Arjen van der Grijn
regy-assistinsje	Willem Wassenaar
boppetieling	Ytsje van der Meulen
foarstellingslieder	Gerard Jorna
technyk	Gido Bamboe, Henk van der Kooi, Klaas Ploegh, Bart Schurer
haad produksje en technyk	Ekko de Bakker
produksje	Joanneke Braam
dekôrbou	Aart Laferte, Gerard Jorna
publisiteitsbyld en ûntwerp	Jelle F. Post
sênefotografy	Reyer Boxem
fotografy achterwand	Ewoud Rooks
spylperioade	- 7, 8 en 9 maart 2013: Tryatergebou, Ljouwert (Sneak Previews) - 4 oktober oant en mei 17 desimber 2013: Fryslân en Grinslân (reguliere foarstellingen)

### it stik

Annelys fiert foar it earst sûnt har skieding Sinteklaas. Yn har âlderlik hûs, mei har heit en har soantsje, dy't noch yn Sinteklaas leaut. It liket in moaie jûn te wurden: De heit sil foar Sinteklaas spylje en twa stúdzjefreonen fan Annelys komme ek gesellich lâns. Al gau docht bliken dat se alle fjouwer dwaande binne harren libben in nije rjochting te jaan. Allegear wolle se fierder of tinke se fierder te moatten. Allinne, hoe witte je dat je fierder geane en net achterút?

De personaazjes binne hiel werkenbere minsken. Ien ding ha se gelyk: se binne op 'e syk nei gelok en wurdearring en ha dêrom de wil om te feroarjen. Dizze syktocht, mei alle hobbels dy't der by nommen wurde moatte, foarmet de basis foar sawol pynlik werkenbere, as hylaryske tafrelen.

### het stuk

Annelys viert voor het eerst sinds haar scheiding Sinterklaas. In haar ouderlijk huis, met haar vader en haar zontje, die nog in Sinterklaas gelooft. Het lijkt een mooie avond te worden: De vader gaat voor Sinterklaas spelen en twee studievrienden van Annelys komen ook gezellig langs. Al snel blijkt dat ze alle vier bezig zijn om hun leven een nieuwe richting te geven. Allemaal willen ze verder of denken ze verder te moeten. Alleen, hoe weet je dat je verder gaat en niet achteruit?

De personages zijn zeer herkenbare mensen. Een ding hebben ze gemeen: ze zijn op zoek naar geluk en waardering en hebben daarom de wil om te veranderen. Deze zoektocht, met alle hobbels die er bij genomen moeten worden, vormt de basis voor zowel pijnlijk herkenbare, als hilarische tafereelen.

# THÚSFRONT



© Saris & den Engelsman (naamsvermelding verplicht)

tekst	Romke Toering
regy teatrale	lêzing Silvia Andringa
akteurs teatrale lêzing	Nynke Heeg, Lianne Zandstra, Thijs Feenstra, Aly Bruinsma, Raymond Muller
akteurs film	Romke Gabe Draaijer, Jan-Willem Plutschouw
spylperioade:	29, 30 en 31 maaie: Tryatergebou, Ljouwert

*Thúsfront* waard troch Romke Toering ûntwikkele op basis fan ynterviews mei âlden fan nei Afganistan útstjoerde soldaten. It is in ferhaal oer thús- en achterbliuwers. Ferhalen fan en oer heiten en memmen fan bern, dy't foar in militêre karriêre kieze. Ferhalen fan en oer âlden fan soldaten dy't yn in oarlochssituaasje telâne komme.

By de Sneak Preview repetysjes binne goede stappen makke yn de ûntwikkeling fan dit hiel persoanlike dokumintêr materiaal ta teatertekst. It smiet in spannende ensenearre lêzing op. Dêrom sil *Thúsfront* yn de maitiid fan 2015 as reisfoarstelling op it repertoire fan Tryater komme.

*Thúsfront* werd door Romke Toering ontwikkeld op basis van interviews met ouders van naar Afghanistan uitgezonden soldaten. Het is een verhaal over thuis- en achterblijvers. Verhalen van en over vaders en moeders van kinderen, die voor een militaire carrière kiezen. Verhalen van en over ouders die in een oorlogssituatie terecht komen.

Tijdens de Sneak Preview repetities zijn goede stappen gemaakt in de ontwikkeling van dit zeer persoonlijke documentair materiaal tot theatertekst. Het leverde een spannende geënceneerde lezing op. Daarom zal *Thúsfront* in het voorjaar van 2015 als reisvoorstelling op het repertoire van Tryater komen.

# SY

**IN POËTYSK REALISTYSKE FERTELLING**  
**EEN POËTISCH REALISTISCHE VERTELLING**



regy	Ira Judkovskaja
spiler	Tamara Schoppert
foarmjouwing	Maria Dourron
spylperioade:	29, 30 en 31 maaie 2013: Tryatergebou, Ljouwert

Tamara Schoppert spilet al mear as 15 jier by Tryater. It wie in wisk fan har om in solo te meitsjen, in stik mei byldzjende krêft.

Tryater makke mei *Fan de stêd en it libben* in foarstelling oer it deistich libben fan de massa. Yn *Sy* komt it libben in stapke tichterby: Ira Judkovskaja zoomt yn op it yndividu: In jûn út it libben fan in frou yn har eigen fertroude omjouwing.

*Sy* is in byldzjende foarstelling. In lyts monumint foar de iensume frou. Fysyk, ferrassend. Fol humor, gefoel en bysûndere muzyk.

Tamara Schoppert speelt al meer dan 15 jaar bij Tryater. Het was een wens van haar om een solo te maken, een stuk met beeldende kracht.

Tryater maakte met *Fan de stêd en it libben* een voorstelling over het dagelijks leven van de massa. In *Sy* komt het leven een stapje dichterbij: Ira Judkovskaja zoomt in op het individu: Een avond uit het leven van een vrouw in haar eigen vertrouwde omgeving.

*Sy* is een beeldende voorstelling. Een klein monument voor de eenzame vrouw. Fysiek, verrassend. Vol humor, ontroering en bijzondere muziek.




# SATELLYT

# SATELLIET

Teatermakers, keunstners of oare talinten rinne faak skoften om mei in nijsgjirrich idee. Skriuwers dy't har earste toanieltekst graach útfierd ha wolle. In musicus dy't gearwurking siket mei teatermakers. Mar ek teatermakers dy't harren paad allang fûn ha en nije paden opsykje wolle. Tryater biedt de kâns oan befein talint en makket der in Satelyt fan. Tryater fassilitearret mei romte, materiaal en expertise. De teatermakers (en oare keunstners) soargje sels foar harren organisaasje en finansjele stipe. De Sateliten fan Tryater litte sjen wat it talint (fan moarn) yn 'e hûs hat. It is it plak om dreamen wier te meitsjen en talint te ûntwikkeljen. Mar it is ek in plak om in avontoerlik publyk te ûntfangen foar in spannende teaterjûn.

Teatermakers, keunstners of oare talinten rinne faak skoften om mei in nijsgjirrich idee. Skriuwers dy't har earste toanieltekst graach útfierd ha wolle. In musicus dy't gearwurking siket mei teatermakers. Mar ek teatermakers dy't harren paad allang fûn ha en nije paden opsykje wolle. Tryater biedt de kâns oan befein talint en makket der in Satelyt fan. Tryater fassilitearret mei romte, materiaal en expertise. De teatermakers (en oare keunstners) soargje sels foar harren organisaasje en finansjele stipe. De Sateliten fan Tryater litte sjen wat it talint (fan moarn) yn 'e hûs hat. It is it plak om dreamen wier te meitsjen en talint te ûntwikkeljen. Mar it is ek in plak om in avontoerlik publyk te ûntfangen foar in spannende teaterjûn.

# SON



© Saris & den Engelsman (naamsvermelding verplicht)

konsept en tekst	Lourens van den Akker en Jeek ten Velden
regy	Jeek ten Velden
spul	Lourens van den Akker
advys	Ko van den Bosch
spylperioade:	7, 8 en 9 maart 2013

*Son* wie in earste opset foar de foarstelling fan twa jonge makers, Lourens van den Akker (ek as akteur belutsen by Tryater) en Jeek ten Velden. Mei de foarstelling *Son* bringe de makers in oade oan wat neffens har ien fan de moaiste toanielstikken oait skreaun is: *Dea fan in hannelsreizger* fan Arthur Miller. Feitlik begjint *Son* dêr't *Dea fan in hannelsreizger* ophâldt. De oerienkomst tusken beide foarstellingen sit benammen yn de tematyk, nammentlik, it blyn neistribjen fan in ûnhelber doel.

*Son* was een eerste opzet voor de voorstelling van twee jonge makers, Lourens van den Akker (ook als acteur betrokken bij Tryater) en Jeek ten Velden. Met de voorstelling *Son* brengen de makers een ode aan wat volgens hen één van de mooiste toneelstukken ooit geschreven is: *Dood van een handelsreiziger* van Arthur Miller. In feite begint *Son* waar de *Dood van een handelsreiziger* ophoudt. De overeenkomst tussen beide voorstellingen zit met name in de thematiek, namelijk, het blind nastreven van een onhaalbaar doel.

# Heimwee nei Hurdegaryp

A trip down memory lane



© Saris & den Engelsman (naamsvermelding verplicht)

regy en konsept	Tatiana Pratley
spul	Lourens van den Akker en Eelco Venema
dekôr	Janne Sterke
muzyk	Laurens van der Meulen
technyk	Gerard Jorna
spylperioade	29, 30 en 31 maaie 2013: Tryatergebou, Ljouwert (Sneak Preview) 15 oant en mei 22 juny 2013: Oerol, Skylge

### it stik

De rook fan krekt meand gers, it roppen fan bern op it skoalplein, it geloksgemoel fan aaisykje en sleatsjespringe/ fierljeppen, beltsjedrukke, in ferske fan BZN: In minske hat syn oantinkens net foar it útkiezen. Hoe is it om de ferlerne tiid op 'e nij mei te meitsjen? Om wei te wurden yn swiete oantinkens, pynlik langstme en de wyn waaie te litten as yn 1990.

*Heimwee nei Hurdegaryp* hellet in ferline út inoar dat inkeld noch mar bestiet as in tizeboel fan tinzen. Twa akteurs sette alle sintugen iepen, litte alle wissichheid los en ferkenne de úteinen fan har bewustwêzen. Sy riuwe ferhalen oan elkoar oant se fernimme dat har plaat heakket. Binne oantinkens eins wol betrouber? Hoe wie it 'echt'? Bin ik feroare of is de wrâld om my hinne feroare? In nostalgyske trip oer langstme nei in thúsgemoel, dêr't werklikheid, oantinken, dream en yllúzje yn troch elkoar rinne. Assosjatyf en byldzjend.

### het stuk

De geur van pasgemaaid gras, geschreeuw van kinderen op het schoolplein, het geluksgevoel van 'aaisykje' en slootjespringen/ 'fierljeppen'. Belletjedrukken, een liedje van BZN: Een mens heeft zijn herinneringen niet voor het uitkiezen. Hoe is het om verloren tijd opnieuw mee te maken? Om jezelf te verliezen in zoete herinneringen, pijnlijk verlangen en de wind te laten waaien zoals in 1990.

*Heimwee nei Hurdegaryp* ontrafelt een verleden dat alleen nog maar bestaat als een warboel van gedachten. Twee acteurs zetten alle zintuigen open, laten alle zekerheden los en verkennen de uiteinden van hun bewustzijn. Ze rijgen verhalen aan elkaar totdat ze merken dat hun plaat blijft hangen. Zijn herinneringen eigenlijk wel betrouwbaar? Hoe was het 'echt'? Ben ik veranderd of is de wereld om mij heen veranderd? Een nostalgische trip over verlangen naar een thuisgevoel, waarin werkelijkheid, herinnering, droom en illusie door elkaar lopen. Associatief en beeldend.

# Ontsnapping naar de Oost

Wetten, dreamen en geheimen yn de Gouden Ieu  
Wetten, dromen en geheimen in de Gouden Eeuw



regy	Silvia Andringa
tekst	Bouke Oldenhof
spul	Arnold Dijkstra, Raymond Muller, Kaatje Kooij
foarmjouwing	Sofie Doeland
ljocht/projeksje	Satu Leskinen
lûd	Aart Laferte
publisiteit	Jeffrey Deelman
produksje	Ekko de Bakker Mees van den Bergh
edukaasje	Anne Graswinckel, Evelien Durkstra
spylperioade	15 novimber oant en mei 28 desimber 2013

Yn de twadde helte fan 2013 hie it primêr ûnderwiis de ‘Gouden leu’ as tema. Ut dit tema wei hawwe kulturele ynstellingen fan Ljouwert mienskiplik in programma oan skoallen fan Ljouwert oanbean, lykas in histoaryske kuiertocht troch de stêd út it Historisch Centrum Leeuwarden wei en in spesjale tentoanstelling yn it Fries Museum. Tryater makke in foarstelling op lokaasje, yn de Kânselarij – in histoarysk gebou yn it sintrum fan de stêd.

#### it stik

Wolst op aventoer of kiest foar watst al kenst? Harkest nei goeried of dochst wat dysels goed taliket? Doarst te fertrouwen op it ûnbekende? En op wa kinst dan rekkenje...

Hugo dreamt oer ...  
De heit fan Hugo past op it Hôf fan Fryslân, de rjochtbank yn de Kânselarij. Hy nimt Hugo stikem mei nei binnen. “Dêr moatssto letter ek wurkje,” fynt syn heit. “As in machtige rjochter.” Dat wurdt hiel hurd wurkje op de Latynske skoalle en de universiteit. Mar Hugo dreamt oer wat oars. Oer in grut sylskip op folle see en fan ûnûntdutsen lannen, yn de East.

Hugo doarmet troch it gebou en ûntdekt Marten. Hy hat neat, gjin heit, gjin mem. Neat. Nearne. As Hugo syn ferhalen heart, is er der wis fan: se ûntsnappe tegearre nei de East.

In de tweede helft van 2013 had het primair onderwijs de “Gouden Eeuw” als thema. Vanuit dit thema hebben culturele instellingen van Leeuwarden gezamenlijk een programma aan scholen van Leeuwarden aangeboden, zoals een historische wandeling door de stad vanuit het Historisch Centrum Leeuwarden en een speciale tentoonstelling in het Fries Museum. Tryater maakte een voorstelling op locatie, in de Kancelarij – een historisch gebouw in het centrum van de stad.

#### het stuk

Wil je op avontuur of kies je voor wat je al kent? Luister je naar goede raad of doe je wat je zelf goed lijkt? Durf je te vertrouwen op het onbekende? En op wie kan je dan rekenen...

Hugo droomt over ...  
De vader van Hugo bewaakt het Hof van Friesland, de rechtbank in de Kancelarij. Hij neemt Hugo stiekem mee naar binnen. “Daar moet jij later ook werken,” vindt zijn vader. “Als een machtige rechter.” Dat wordt snoeihard werken op de Latijnse school en de universiteit. Maar Hugo droomt over iets anders. Over een groot zeilschip op volle zee en van onontdekte landen, in de Oost.

Hugo dwaalt door het gebouw en ontdekt Marten. Hij heeft niets, geen vader, geen moeder. Niets. Nergens. Als Hugo zijn verhalen hoort, weet hij het zeker: zij gaan samen ontsnappen naar de Oost.



# Ynternasjonaal

Yn it ramt fan 400 jier kulturele en ekonomyske betrekkingen mei Ruslân, reizge Tryater yn septimber 2013 mei *Fan de stêd en it libben* nei Moskou. Yn de twadde rykstaal fan Nederlân fertsjintwurdige Tryater de Nederlânske kultuer yn Ruslân. We spilen yn Winzavod, in bysûnder plak yn Moskou dêr't in soad jonge engazjearre minsken komme. It wie nijsgjirrich om út de fertroude publyksrûnte te stappen en foar Moskoviten te spyljen. De foarstelling makke in soad reaksjes los, it publyk prate nei ôpfrin lang mei ús. Neist opmerkingen as 'oandien', 'werkenber' en bewûndering foar de foarmjouwing, krigen we foaral in soad komplimenten oer de wize fan spyljen dy't foar de measte sjoggers ûnbekend wie. Se beskreaunen it as iepen, technysk en persoanlik tagelyk. 'You opened my heart', wie it meast dierbere kompliment.

Sjoch foar ynformaasje oer it stik *Fan de stêd en it libben* side .....

In het kader van 400 jaar culturele en economische betrekkingen met Rusland, reisde Tryater in september 2013 met *Fan de stêd en it libben* naar Moskou. In de tweede rijkstaal van Nederland vertegenwoordigde Tryater de Nederlandse cultuur in Rusland.

We speelden in Winzavod, een bijzondere plek in Moskou waar veel jonge geëngageerde mensen naar toe komen. Het was interessant om uit de vertrouwde publiekskring te stappen en voor Moskovieten te spelen. De voorstelling maakte veel reacties los, het publiek bleef na afloop lang met ons napraten. Naast opmerkingen als "geraakt", "herkenbaar" en bewondering voor de vormgeving, kregen we vooral veel complimenten over de speelstijl die voor de meeste kijkers onbekend was. Ze beschreven het als open, technisch en persoonlijk tegelijk. "You opened my heart", was het dierbaarste compliment.

Kijk voor informatie over het stuk *Fan de stêd en it libben* pagina ...



© Saris & den Engelsman (naamvermelding verplicht)



© Saris & den Engelsman (naamvermelding verplicht)



© Saris & den Engelsman (naamvermelding verplicht)



© Saris & den Engelsman (naamvermelding verplicht)

# Edukative aktiviteiten


De edukative ôfdieling fan Tryater hat as doelstelling bern, jongeren en folwoeksenen gefoel foar de keunst fan it teater en de Fryske taal mei te jaan. Motto fan dit beliedsplan is Woartels & Wjukken. It sykjen nei dyn identiteit (woartels) en it jaan fan ynspiraasje (wjukken). Dit altyd ferbûn oan it eigen ferhaal fan de taskôger. By elke foarstelling wurdt sjoen watfoar produkten it bêste oanslute by de foarstelling. De foarstellingen PU (primêr ûnderwiis) wurde altyd yn in langere (lear) line oanbean faak mei in workshop yn it foar of achternei en in (no meastentiids digitale) lesbrief. Foar FU (fuortset ûnderwiis) is der altyd in ôfstimming tasnien op de skoalle. Wat hawwe de learlingen al dien en wêr binne se oan ta. De FU learlingen geane net faak nei reguliere reisproduksjes allinne yn kombinaasje mei in neipetear, ynlieding of workshop. Wol spylje we op skoallen foar FU en ûntfange we learlingen yn it eigen gebou foar rûnliedingen en aktive workshops oer teatermeitsje. Binnen it MBU en HBU wurde workshops en kolleezjes jûn troch meiwurkers fan de ôfdieling edukaasje. Studinten fan PABO's, learare-opliedingen en keunsthakopliedingen komme alle jierren (meardere) kearen del foar rûnliedingen en wrâldoriïntaasje. Foar it primêr ûnderwiis ûntwikkelje en biede we it trajekt *Wy Spylje* oan binnen it programma Kultueredukaasje mei Kwaliteit. Foar folwoeksenen biede we masterclasses, ynliedingen en neipetearen oan. We ûnderhâlde in libben kontakt mei it Fryske amateursirkwy troch aktiviteiten binnen it partisipaasjetraject 'It Paradys' te inisjearjen.

Tryater fernimt troch har edukaasjebelied dat der oare en bredere publyksgroepen fûn wurde. Yn oerlis mei de ôfdieling edukaasje wurdt sjoen watfoar jeugdfoarstellingen (tematyk en leeftyd) op de planning komme. Wy wurkje gear mei keunst bemiddeljende ynstânsjes yn Noard-Nederlân, skouboargen, gemeenten yn Fryslân, provinsje, oerkoepeljende ûnderwiisinstellingen, skoallen foar PU, FU, MBU en HBU/WU, keunstesintra, oare (jeugd) teaterselskippen, lanlik netwurk. De ôfdieling evaluearret troch petearen mei ûnderwiis en keunst bemiddeljende ynstânsjes, evaluaasjeformulieren, yntern mei makkers, troch ûndersykstudinten en troch try-outs mei de doelgroep.

De edukative afdeling van Tryater heeft als doelstelling kinderen, jongeren en volwassenen gevoel voor de kunst van het theater en de Friese taal mee te geven. Motto van dit beleidsplan is Woartels & Wjukken (wortels & vleugels). Het zoeken naar je identiteit (wortels) en het geven van inspiratie (vleugels). Dit altijd verbonden aan het eigen verhaal van de toeschouwer.

Bij elke voorstelling wordt gekeken welke producten het beste aansluiten bij de voorstelling. De voorstellingen PO (primaire onderwijs) worden altijd in een langere (leer) lijn aangeboden vaak met een workshop vooraf of achteraf en een (tegenwoordig meestal digitale) lesbrief. Voor VO (voorgezette onderwijs) is er altijd een afstemming op maat met de school. Wat hebben de leerlingen al gedaan en waar zijn ze aan toe. De VO leerlingen gaan zelden naar reguliere reisproducties alleen in combinatie met een nagesprek, inleiding of workshop. Wel spelen we op scholen voor VO en ontvangen we leerlingen in het eigen gebouw voor rondleidingen en actieve workshops over theatermaken. Binnen het MBO en HBO worden workshops en colleges gegeven door medewerkers van de afdeling educatie. Studenten van PABO's, lerarenopleidingen en kunstvakopleidingen komen jaarlijks (meerdere) keren langs voor rondleidingen en wereldoriëntatie. Voor het primaire onderwijs ontwikkelen en bieden we het traject *Wy Spylje* aan binnen het programma Cultuureducatie met Kwaliteit. Voor volwassenen bieden we masterclasses, inleidingen en nagesprekken aan. We onderhouden een levendig contact met het Friese amateurcircuit door activiteiten binnen het participatietraject 'It Paradys' te initiëren.

Tryater ervaart door haar educatiebeleid dat er andere en bredere publieksgroepen gevonden worden. In overleg met de afdeling educatie wordt gekeken welke jeugdvoorstellingen (thematiek en leeftijd) op de planning komen. Wij werken samen met kunst bemiddelende instanties in Noord Nederland, schouwburgen, gemeenten in Fryslân, provincie, overkoepelende onderwijsinstellingen, scholen voor PO, VO, MBO en HBO/WO, kunstcentra, andere (jeugd) theatergezelschappen, landelijk netwerk. De afdeling evalueert door gesprekken met onderwijs en kunst bemiddelende instanties, evaluatieformulieren, intern met makers, door onderzoek studenten en door try outs met de doelgroep.



# Oare aktiviteiten

Tryater fierde ek in tal bysûndere projekten út.

## UIT! Leeuwarden

Wy organisearren foar de stêd wer de Uitmarkt. Troch in gearwurking mei Lwd2018 (de kandidaatsteller foar kulturele haadstêd) hat dit in grutte flecht nei foaren nommen en luts in hiel soad besikers.

## Oantinken

Ek de muoite fan it fermelden wurdich is de gearwurking mei de HKU nei trans mediaal teatermeitsjen. Dit hat ta in symposium en it projekt Oantinken laat dat op Noorderzon stie. Yn de takomst sille we de útkomsten fan dit ûndersyk yn nije trans mediale projekten ferwurkje.

## Empatec

In tredde bysûnder projekt is in gearwurking mei Empatec dêr't teater by ynset wurdt as ûnderdiel fan it reyntegraasjetrajekt fan minsken dy't dreech te pleatsen binne op de arbeidsmerk.

## Kulturele Haadstêd 2018

2013 wie foar Tryater ek it jier dat Ljouwert de nominaasje foar Kulturele Haadstêd fan Europa 2018 wûn hat. Tryater hat aktyf west yn de tariedingen fan dit trajekt en wie sawol fasiliteit as artystyk belutsen by de presintaasjes fan dit spannende trajekt. Ek yn de takomst sil Tryater in wichtige rol spylje yn dizze nasjonale en ynternasjonale kulturele manifestaasje.

## Talintûntwikkeling

Yn 2013 sette Tryater breed yn op de talintûntwikkeling.

- Spilers fan de earste twa lichten fan Jong Tryater ûntwikkeljen har ûnder begelieding fierder yn Tryater produksjes: Marit de Weerd yn Omke Wanja en Subtext, Gerben de Jong en Hali Neto yn Fabelkracht, Raymond Muller yn Ontsnapping naar de Oost, Brecht Wassenaar yn Subtext.

Tryater voerde ook een aantal bijzondere projecten uit.

## UIT! Leeuwarden

Wij organiseerden voor de stad weer de Uitmarkt. Dankzij een samenwerking met Lwd2018 (de kandidaatsteller voor culturele hoofdstad) heeft dit een enorme vlucht naar voren genomen en trok erg veel bezoekers.

## Oantinken

Ook vermeldenswaardig is de samenwerking met de HKU naar trans mediaal theatermaken. Dit heeft tot een symposium en het project Oantinken geleid dat op Noorderzon stond. In de toekomst zullen we de uitkomsten van dit onderzoek in nieuwe trans mediale projecten verwerken.

## Empatec

Een derde bijzonder project is een samenwerking met Empatec waarbij theater wordt ingezet als onderdeel van het reïntegratietraject van mensen die moeilijk plaatsbaar zijn op de arbeidsmarkt.

## Culturele Hoofdstad 2018

2013 was voor Tryater ook het jaar waarin Leeuwarden de nominatie voor Culturele Hoofdstad van Europa 2018 heeft gewonnen. Tryater is actief geweest in de voorbereidingen van dit traject en was zowel facilitair als artistiek betrokken bij de presentaties van dit spannende traject. Ook in de toekomst zal Tryater een belangrijke rol spelen in deze nationale en internationale culturele manifestatie.

## Talentontwikkeling

In 2013 zette Tryater breed in op de talentontwikkeling.

- Spelers van de eerste twee lichten van Jong Tryater ontwikkelden zich onder begeleiding verder in Tryater producties: Marit de Weerd in Omke Wanja en Subtext, Gerben de Jong en Hali Neto in Fabelkracht, Raymond Muller in Ontsnapping naar de Oost, Brecht Wassenaar in Subtext.



- Lourens van den Akker, ôfstudearre yn Maastricht, sil him as akteur by meardere foarstellingen fan Tryater fierder ûntwikkelje.
- Laurens van der Meulen, ôfstudearre oan de Popacademie Leeuwarden, makke syn earste stappen as komponist foar teaterfoarstellingen yn *In moaie jûn* en *Heimwee nei Hurdegaryp*.
- Yn 2013 wie Tryater aktyf belutsen by Atelier Oerol, troch in groep jonge makkers yn de rin fan it jier artistyk aktyf te begelieden yn de earste stappen fan in lokaasjefoarstelling. Ien fan de makkers, Sofie Doeland, waard as foarmjouwer belutsen by *Ontsnapping naar De Oost*.
- Lykas earder neamd folget Tatiana Pratley, ôfstudearre oan de regy-opleiding Amsterdam, in traject by Tryater. Njonken it meitsjen fan it súksesfolle *Heimwee nei Hurdegaryp*, wie se yn 2013 ek belutsen by it ûntwikkeljen fan in grutte lokaasjefoarstelling, wurke se oan har nije foarstelling by Tryater yn 2014 en is se belutsen by it opsetten fan in nij Europeesk projekt mei Wales, Noarwegen en Spanje.
- Lourens van den Akker, afgestudeerd in Maastricht, zal zich als acteur bij meerdere voorstellingen van Tryater verder ontwikkelen.
- Laurens van der Meulen, afgestudeerd aan de Popacademie Leeuwarden, maakte zijn eerste stappen als componist voor theatervoorstellingen in *In moaie jûn* en *Heimwee nei Hurdegaryp*.
- In 2013 was Tryater actief betrokken bij Atelier Oerol, door een groep jonge makers in de loop van het jaar artistiek actief te begeleiden in de eerste stappen van een locatievoorstelling. Een van de makers, Sofie Doeland, werd als vormgever betrokken bij *Ontsnapping naar De Oost*.
- Zoals eerder genoemd volgt Tatiana Pratley, afgestudeerd aan de regieopleiding Amsterdam, een traject bij Tryater. Naast het maken van het succesvolle *Heimwee nei Hurdegaryp*, was ze in 2013 ook betrokken bij het ontwikkelen van een grote locatievoorstelling, werkt ze aan haar nieuwe voorstelling bij Tryater in 2014 en is ze betrokken bij het opzetten van een nieuw Europees project met Wales, Noorwegen en Spanje

### Lytse Fryske Winterreis

Yn 2012 ûntwikkele Henk Zwart by Tryater mei Herman Peenstra *In Lytse Fryske Winterreis dêr't hy him yn ynspirearre lit troch de Fryske oersetting fan Winterreise fan Franz Schubert, nei gedichten fan Wilhelm Müller.*

*Winterreise* is in ferhaal út de Romantyk. De haadpersoan swalket troch de kjeld, op syk nei (siele)rêst. As hy in muzikant moetet op syn reis ûntstiet der stadichoan in bân. De muzyk jout him treast.. It ferhaal fan *Winterreise* symbolisearret de syktocht fan de minske nei himsels.

### Lytse Fryske Winterreis

In 2012 ontwikkelde Henk Zwart bij Tryater met Herman Peenstra *In Lytse Fryske Winterreis* waarin hij zich laat inspireren door de Friese vertaling van *Winterreise* van Franz Schubert, naar gedichten van Wilhelm Müller.

*Winterreise* is een verhaal uit de Romantiek. De hoofdpersoon zwerft door de kou, op zoek naar (zielen)rust. Als hij een muzikant ontmoet op zijn reis ontstaat er langzamerhand een band. De muziek geeft hem troost. Het verhaal van *Winterreise* symboliseert de zoektocht van de mens naar zichzelf.